

Fan 'e wike it lêste nûmer fan „Frysk en Frij”, dat fordwynt

Foar in nije opset soe kaptael fan f 100.000 nedich west ha

„Frysk en Frij” hat bilies jown. It blêd sil mei yngong fan 1 novimber for-

„Frysk en Frij”, nou noch 2700 à 2800 abonné's hat fleurige tiden meimakke. It blêd waard oprjochte koart nei de bifrijing in 1945. Doe kamen in pear mannen gear yn „De Trije Romers” te Roardahuzum en der waerden de plannen makke. Op 25 maeije 1945 kaem it earste nûmer út. De redaksje wie yn hannen fan J. J. Hof (doe al 73) en J. K. Dykstra, âld-wethâlder fan ûnderwilts to Ljouwert, dy't him nou yn Frjentsjer to wenjen set hat. It blêd waard útjown troch trije selskippen, it „Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse”, it „Roomsk Frysk Boun” en it „Boun fan Frysk Nasjonale Jongerein”. Hwa't lid wie fan ien fan dizze selskippen, krige „Frysk en Frij” automatysk tastjurd. De abonnemintspriis wie by it ledejild ynbigrepen. Net-selskipsleden bitellen trije gonne yn 't jier.

De foarsitter fan it „Ald Selskip”. ds. J. J. Kalma, skreau yn it earste nûmer oer „de argewaesje fanwegen it tal wyk- en moanneblêdden, dat der foar de oarloch op it Fryske mêd to sjen wie. It wiene hast allegearre lijerkes. Troch in to lyts tal lêzers koene hja net floearje. Ek de kwaliteit koe better”. Hy wie wakker op 't snjit mei de nije forskining en hope, dat „it mei gauwers komme mei ta in blêd, dat twa-, trijeris wyks útkomt”. En it like der yn it earst-oan wol op, dat ds. Kalma syn winsk wurklikeit wurde soe. „Frysk en Frij” sette op 25 maeije útein mei in pear tûzen abonné's, mar har tal naem hurd ta. Ein juny kaem it boppe de 10.000 abonné's en de oplage fan de krante gong wyks mei fiifhûndert omheech! It sawnde nûmer fan 6 july 1945 telde al 10.500 eksemplaren. In wike letter 11.000, wer in wike letter 11.500, fjirtjin dagen letter 12.000. Oan 'e ein fan 1945 — it blêd wie doe noch mar goed in healjier âld — siet it tal lêzers al om de 15.000 hinne. Der wie in oerfloed oan kopij, mar gjin papier. Doe 't it tsien-de nûmer útkaem mei oardel blêd (seis siden), kaem der in brief mei in warskôging út Grins fan de Papiercentrale foar de trije noardlike provinsjes: Soks mocht net wer barre!

20.000 lêzers...

„Frysk en Frij” groeide de earste jierren as koal. Der wie yn de earste natoarlochske jierren in geweldige lêshonger. Yn de tiid dat Enne Wyga direkteur wie, om 1947—1948 hinne kaem it tal lêzers tichteby de 20.000. De sifers sprekke namsto mear as men se neist oaren set. De „Leeuwarder Courant” hie doe sa'n 36.000 à 37.000 abonné's. Nou binne de ferhâldingen wol folslein oars wurden: de „Ljouwerter” sit tsjin de 57.000 oan en „Frysk en Frij” had noch 2600 à 2700 lêzers. Doe't Boucke Visser by „Frysk en

Frij” kaem yn 1948 wie it tal abonné's al hwa't lytser as it west hie, mar de fleur siet der noch wol goed yn. It dourret oant 1956 ta, dat der foar it earst alarm slein wurde moast. It „Ald Selskip” seit syn kollektyf abonnemint op en dat joech in forlies fan inkelde tûzenen abonné's yn ien klap. Der waard in aksje hâlden, dy't tsientûzen gonne opbringe moast, mar it resultaat wie yn inkelde wiken tolve tûzen. Lykwols gie it tal abonné's stadichoan nei de bidelte. Yn 1957 namen de „Frieonen fan Frysk en Frij” it blêd oer.

Der wiene hyltiten wer nije aksjes nedich om finansieel net fêst to rinnen. Der binne grif in stik of seis sawn hâlden. Mei elkoar sille dy in f 35.000 à f 40.000.- opbrocht ha. De lêste aksje, ein 1965- bigjin 1966, smiet noch in achttûzen gonne op. It tokoart op de bigreating oer dit jier wie f 12.500. It „Ald Selskip” joech noch f 500 en de Ried fan de Fryske Biweging in selde bidrach. Soe „Frysk en Frij” de lêste beide moannen fan dit jier noch forskine, dan soe der op 31 desimber in tokoart wêze fan f 3.500. En takomme jier fan f 20.000. Dat gat wie net mear to stopjen, sa't like. „It hâlden fan in aksje om de boel noch ris op gong to bringen, liket ús net gaedlik ta, meidat we yn it forline al tofolle in birop op de lêzers dwaen hawwe moatten”, sa skreau it bistjûr yn de útnoeging foar sneon. „Wy dogge dan ek it útstel om it lêste nûmer op freed 28 oktober forskine to litten en oer to gean ta de ôfwikking fan de noch rinnende finansiele saken”.

Moast it sa?

dwine. Dat bitsjut, dat der noch ien nûmer komt, dat nou freed, 28 oktober, forskynt. Der is sneontomiddei yn seal Jongma op it Ruiterskwartier yn Ljouwert noch in twa en in heal ûre oer praet, mar de tweintich (fan de likernôch hûndert) leden fan de Parseforiening Freonen fan Frysk en Frij seagen der by eintsjebislút dochs gjin gat mear yn. De parseforiening bliuwt lykwols bistean. Yn it foarste plak om de noch rinnende finansiele saken ôf to wikkelfen. Mar ek omdat der noch op hoopt wurdt, dat der, hwa't earder of hwa't letter, in opfolger fan Frysk en Frij komme sil. Der wurdt tocht oan in blêd, dat om de fjirtjin dagen forskine soe.

MOAST IT SA?

De fraech is nou fansels: Hie it dochs noch net oars kinnen? Der binne noch 2.700 abonné's dy't mei elkoar sa'n f 30.000 yn 't jier opbringe. Dan is der de opbringst fan de advertinsjes, nou noch sa'n sawn- à achttûzen gonne yn it jier (en noch net sa lang forlyn praktysk it dûbelde!). Is der net bisocht om de selskippen yn de útjefte fan „Frysk en Frij” to biheljen? Der is fan alles en noch hwa't dien, mar alle bisykjen, dat winlik dit hiele jier al duorre hat, is oant nou ta op neat útroun. Deputearre P. van der Mark, dy't d. gong fan saken

fan tichteby folge hat, hat ûnderskate kearen de minsken byinoar roppen, dy't hwa't foar „Frysk en Frij” dwaen koene.

Der hat in hoartsje forlyn in gearkomste west mei ûnderskate ynstânsjes, lyk as Etif, Stichting Friesland voor Maatschappelijk Werk, Fryske Kultuerried, Fryske Akademy en oaren om ta in oplossing to kommen Miskien soene dizze organisaesjes troch yn ien of oare foarm fan „Frysk en Frij” gebrûk to meitsjen foar it kontakt mei har leden, it blêd stypje kinne. De Kultuerried soe dan „Diggelfjûr” slûpe litte kinne. Het Fries Genootschap syn „De Vrije Vries” en de Akademy syn „Ut'e Smidte”. Der kaem ek doe gjin gaedlike oplossing. In kommisje fan trije man formulearre dêrnei yn in rapport in tal winsken yn forbân mei „Frysk en Frij” en dat rapportje wie goed, sa sei deputearde Van der Mark, mar finansieel met konkreet genoch. Der is (wer) praet oer de mooglikheit, ûnderskate blêdden yn Fryslân in fusy oangean to litten. Yn dit forbân is tocht oan „De Strikel”, „De Stim fan Fryslân” fan it Kristlik Frysk Selskip, „De Stienen Man” fan it Frysk Nasionaal Boun en it Ald Selskip en de bernekrant „Flits”.

Der is ek bisocht, de Friese Pers NV of de Stifting „Je Maintiendrai” de krant of in oar blêd, dat foar „Frysk en Frij” in it plak komme soe útjaen to litten. mar ek dat is mislearre.

Deputearre Van der Mark hie graech in folslein nije start hawwe wollen. In folslein oar blêd, hwa't foarm en ynhâld oanbilanget. Hy hie tocht oan in soarte magazine om de fjirtjin dagen Dêr hie


in startkaptael foar nedich west fan in ton, sa tocht him. En hwer moat dat jild weikomme. Dit wie ek de miening fan Durk van der Ploeg, dy't nou twa en heal jier de redaksje fan „Frysk en Frij” yn hannen hat. In startkaptael fan in ton, in greate rige meiwurkers („foar myn part sechtich, se binne der wol”) en in twatalich blêd. „Frysk en Frij” soe bygelyks foar twa-trêdde part yn it Frysk en foar ien-trêdde yn it Hollansk skreaun wurde kinne en sa in brêge slaen tusken Friezen en net-Friezen. En dan in blêd fan sa'n fjirtich siden wyks.

As alle Fryske blêdden en bledtsjes de lapen gear smite soene, sa mient de hear Van der Ploeg, dan joech dat noch gjin oplossing, mar wol in basis. It soe heechút in fiiftûzen lêzers opleverje, hwa't gâns lju lêze ûnderskate Fryske blêdden. It blêd soe miskien ek in oare namme hawwe moatte. Der is al safolle aksje foar en tsjin „Frysk en Frij” fierd, dat de namme erflik bilêstige is. Om to sizzen, Nou goed, wy forskine aenst oars mar ien kear yn de fjirtjin dagen en der moatte mar in pear lju komme, dy't it yn har frije tiid hwa't bipiele, liket Van der Ploeg net goed ta. Dan giet it „de weg van alle vlees”. Dat soe dan wer rôfbou op in pear minsken wêze lyk as al yn in soad oare gefallen bart yn Fryslân. Der soe in blêd komme moatte (en gjin folkloristysk pamflet) mei binnenlânsk en bûtenlânsk

nij, reportaezjes, ek oer technyske saken bygelyks, mei yn it bilang fan de Fryske taelfoarming. Al mei al in blêd, dat op in moderne wize foarljochting jaen soe en net al to mijen wêze soe.

Nettsjinsteande alle plannen, petearen en bisykjen is it dochs net slagge „Frysk en Frij” bistean to litten En hwa doart nou noch ris wer to bigjinnen oer in „Algemien Frysk Wykblêd” of, sa't „Frysk en Frij” forhinne hiet „Nijblêd foar it Fryske Folk”. Der ha plannen west om de bernekrante „Flits”

yn Frysk en Frij (of syn opfolger) ûnder te bringen. Dat giet nou dus ek net troch en foar dit blêd sil in oare oplossing foun wurde moatte.



De 21 jiergongen fan „Frysk en Frij”, sa't dy fan 'e wike noch oan 'e Nijebuorren 119 yn Ljouwert to sjen binne. Ut it formaet fan de ynboune jiergongen is it „dan omheech, dan omleech” fan it blêd op to meitsjen.